

Sjueryrapport foar de Rink van der Velde-priis 2006

Wat is der moaier foar in skriuwer as it winnen fan in literêre priis en wat is der moaier foar in útjouwer at ien fan syn/har skriuwers in priis wint.

It betsjut oandacht, mear lêzers, mear ferkochte boeken, in hegere omset.

Mar sa wurdt der net tocht yn de Fryske literêre wrâld.

Guon útjouwers fine dat boeken harsels ferkeapje moatte.

Ien fan de gefolgen dêrfan is, dat se gjin boeken beskikber stelle wolle foar de sjuery fan de Rink van der Velde-priis. Gelokkich ha de measte útjouwers it wol goed foar mei har skriuwers en der wiene boppedat skriuwers, dy't sels boeken beskikber stelden, ien sels mei in hantekening. En rûn it hielendal mis, dan hellen de sjueryleden de boeken út de bibletheek.

Sa hat de sjuery dochs alles lêzen, wat yn 2004 en 2005 útkommen is en wat yn de beneaming kaam foar dizze priis. Meielkoar sa'n 40 boeken.

De Rink van der Velde-priis is ornearre foar oarspronklik en nij Frysk proaza of oarspronklik en nij proaza yn ien fan de streektalen, dy't yn Fryslân brûkt wurde.

It moat as in selsstandige boekútjefte ferskynd wêze. It proaza moat yn de geast fan it wurk fan Rink van der Velde skreaun wêze, literêr en gaadlik foar in breed publyk.

Benammen it 'yn de geast fan' makke it wurk fan de sjuery dreech, der wie mar ien Rink van der Velde en it soe net goed wêze, at alle Fryske skriuwers besochten Van der Velde nei te dwaan.

Dêrom ha de juryleden it ynearsten mar rom nommen, oars wiene se net op 40 titels útkommen.

De Rink van der Velde-priis kent net in 'longlist' en in 'shortlist', mar dy hat de sjuery wol foar himsels makke.

Twa skriuwers kamen net op de lange list, de earste seleksje. Net om't se gjin kwaliteit hiene. Yn ien gefal woe de skriuwer net yn de beneaming komme foar de priis en yn it oare gefal hie de skriuwer twa jier lyn de priis krigen. Yn it sjueryreglemint stiet dat in skriuwer net twa kear efter elkoar de priis krije kin.

De boeken op de lange list rinne noch fier út elkoar en se binne dan ek hast net te fergelykjen.

Foar it grutte publyk miskien wat oan de drege kant binne 'Swarte ingels' fan Willem Schoorstra en 'Eilândochters' fan Wilco Berga. Oan de oare kant moatte we de lêzers net ûnderskatte, it binne boeken, dy't we graach ûnder de oandacht fan dat grutte publyk bringe wolle.

Fierder stiene op de karlist 'It skaad fan de draak' fan Henk de Haan, 'De wraakingel' fan Leo Popma, 'It testamint' fan Lieuwe Pietersen, 'Moard oan de Monsmawei' fan Anders. M Rozendal, 'It Poadiumbeest' fan Bouke van der Hem, 'Sterke skouders' fan Hanneke de Jong, 'Oar plak, oare tiid' fan Jetske Bilker, 'Bêst minske-iten' fan Ids Willemsma en 'De tiid fan Jentsje' fan Riek Landman.

Der stiene noch twa boeken op dy list, ‘Rachlan’ fan Neeltje Bonnema en ‘It ferset’ fan Harmen Wind. Bij alle trije de sjueryleden stiene dy twa boeken boppeoan, sy kamen op ús wol hiel koarte “shortlist”.

En doe waard it dreech, want se stiene net yn de selde folchoarder boppeoan. De sjuery wie net ienriedich.

No hoecht dat ek net, twa stimmen foar is genôch, mar om't it sa ticht byelkoar lei, hat de jury beide boeken noch in kear lêzen.

‘Rachlan’ en ‘It ferset’ binne hast net te fergelykjen.

Rachlan is in bondel mei twa soarten fan fethalen. Dy oer folwoechsen froulju falle ûnder de bettere “chick-lit”, smeuiġe ferhalen mei in fanselssprekkende humor oer alles wat de moderne frou dwaande hâldt. En om't 85% fan de lêzers froulju binne, sille dy har seker fine kinne yn dit boek. At Neeltje Bonnema skriuwt oer har famkestiid krije de ferhalen in ekstra diminsje. Se binne sterk, persoanlik, benearjend.

‘Rachlan’ foldie oan alle easken fan de Rink van der Veldepriis, literêr, gaadlik foar in grut publyk, yn de geast fan.

Harmen Wind hat mei ‘It Ferset’ in autobiografysk portret fan in heit skreaun, dat folslein oertsjûget. It giet net allinne oer it ferset fan in soan tsjin syn heit, mar ek oer it ferset fan de heit tsjin syn sykte, tsjin de dea, tsjin de wrâld. It is ynteger skreaun, mei leafde, mei humor, mei emoasjes, mar it wurdt nearne sentiminteel.

In sterk punt fan dit boek is ek de taal, it is yn it foarste plak skreaun yn moai, geef Frysk en it giet oer taal: It ferskil tusken it Frysk en it Hollânsk, de bibelske taal, it fakjargon (timmermanstaal), famyljetaal (sechjes dy't spesifyk yn dizze húshâlding brûkt wurde), stopwurdsjes fan de heit, it moderne spraakgebrûk fan jonge minsken, de taal fan de strjitte.


In oar motyf is it fallen. De heit fan Hessel is yn syn libben faak letterlik fallen, mar hy jowt gjin belies. Syn grutste eangst is figuerlik te fallen, om fan syn leauwe te fallen en om te mislearjen yn syn opdracht syn soan yn it leauwen op te fieden.

‘It ferset’ fan Harmen Wind is in boek, dat je rekket, je meinimt, dat hast in stikje famylje wurdt. Hjir is in grut ferteller oan it wurd en ek dit boek foldocht oan alle easken fan de Rink van der Velde-priis.


It is in literêr boek, mar sa't ik al sei, men moat it grutte lêzerspublyk net ûnderskatte.

De sjuery hat nei yngeand berie besletten de Rink van der Velde-priis 2006 ta te kennen oan Harmen Wind foar syn roman IT FERSET.

De sjuery: Hinke Wiersma



Joop Douma



Aly van der Mark

